

DE BEOARDIELING

De selskippen dy't yn de beneaming komme wolle foar de priis wurde troch de sjuery beoardiele op it folgjende tal punten:

1. It plak fan it selskip yn de mienskip troch

- It tal útfieringen
- De belangstelling fan it publyk
- It dielnimmen troch eigen mienskip

2. it fernijende karakter fan har útfieringen

- Op it aljemint bringen fan maatskiplike tema's
- It jaan fan kânsen oan jongerein, itselde oan âlderein
- Op oare wize fernijend

3. Oare wize ûnderskiedend, bygelyks troch

- De kar of it ta stân kommen fan stikken (oarspr. Frysk, sels makke/oersetten)
- Kwaliteit fan de útfieringen, sjoen yn it ljocht fan de mooglikheden
- Ensafuorthinne

De sjuery hat foar it meitsjen fan in kar de beskikking oer de troch it selskip ynstjoerde fragelist (sjoch hjirnei), mar kin ek op eigen manneboet (oanfoljende) ynformaasje oer de selskippen dy't foar de priis yn oanmerking komme sammelje, by it selskip of by oaren, de parse bygelyks.

IT GADING MEITSJEN

- Selskippen dy't gading meitsje wolle nei de priis moatte de fragelist ynfolje en stjoere nei ynfo@staf-fryslan.nl
- **15 febrewaris** 2018 slút de termyn fan ynstjoering
- It inisjatyf om gading te meitsjen kin ek útgean fan in oare partij as it selskip. Wa't fan betinken is dat in selskip yn de beneaming heart te kommen kin STAF freegje de list oan in selskip te stjoeren. STAF lit dan oan it selskip witte dat op fersyk fan immen te dwaan.